
Aardich boekje oer pubers en hofdames

YVONNE DIJKSTRA

Hjoed begjint de Fryske boekewike. It boekewikegeskink is dit jier skreaun troch Akky van der Veer. It is in boekje wurden dat besjen lije kin, oer pubers en hofdames út langferfleine tiden. De histoaryske belangstelling fan Akky van der Veer kaam al earder nei foaren yn de roman *Grutte wurden* (1995). Ek de ferhaalstof foar it boekewikegeskink komt út it ferline: *Kuneara* is inte op in midsieuske leginde.

De titel fan it boekewikegeskink is in bytsje misliedend, om't de haadpersoan fan it ferhaal net Kuneara is, mar de trettjin jier âlde dochter fan in hofdame. Dizze Fardau, dy't troch elkenien Pyk neamd wurdt om't se sa lyts en spjochtich is, wennet mei har mem, de hofdame fan de keninginne, oan it hof fan kening Heimo. Op in dei nimt de kening de moaie, kristlike Kuneara mei, dy't besiket it heidensk fermidden oan it hof te kerstenjen. Pyk sjocht fan tichtby hoe't it ôfrint mei Kuneara en ûndertusken wrakselt hja ek noch mei har eigen libben. Oandwaanlik is it om te lêzen hoe't Pyk fereale is op de stâljonge Jesse. Hja dreamt oer in takomst mei him en docht dat op de groteske wize dy't pubers sa eigen wêze kin: „Ik ferbylde my dat myn boarsten begûnen te groeien. Ja, ik krige boarsten! Noch net sa dúdlik, mar dochs, it begjin wie der. No de moanneregels noch en dan koene wy trouwe, Jesse en ik. En bern krije, dan hoegde it minskdom net út te stjerren.” (s. 62). It falt har slim ôf as blykt dat har

prins op it wite hynder de striesek deelt mei de folslanke kokenfaam. Fierder besiket Pyk der noch achter te kommen wa't har heit is, wêrom't har mem sa ûnderdienich is en wat dy twa saken mei inoar út ha te stean.

It perspektyf fan it ferhaal is goed keazen troch Van der Veer. De lêzer sjocht it hof fan kening Heimo fan hiel tichtby, mar om't de ynformaasje fan in jong famke komt, wit de lêzer sa no en dan mear as wat ferteld wurdt. It ferhaal wurdt dêrtroch wolris wat komysk, bygelyks as Pyk de stâl ynkomt en dêr Trude, de kokenfaam, tsjin it liif rint: „Wat dochsto hjir?” frege se (Trude, YD). 'Neat', sei ik. 'Wat dochsto hjir?' 'Aaifandelje', sei se.” (s. 63). By my as erchtinkende lêzer begûn doe al wat te daagjen mar Pyk tinkt der pas oan werom as se Jesse en Trude tegearre sjoen hat.

Dokumintearre

Akky van der Veer hat har goed dokumintearre foar it skriuwen fan dit boekewikegeskink. Oan 'e binnenkant fan it omslach steane har neispeuringen; it is aardich dat troch te lêzen om in ramt te krijen foar it ferhaal. Mar ek sûnder it histoaryske ramt is Kuneara goed te lêzen om't it net allinnich giet oer in lytse mienskip yn 337 mar ek oer minken en harren emoasjes en dat is fansels fan alle tiden.

FD 23/2 2000

Hjir besprutsen:

Kuneara, Akky van der Veer, Utj. Bornmeêr yn Ljouwert. Boekewikegeskink, fergees by oankeap fan in Frysk boek foar 19,50 gunne.